

FRYSLAN-A EKSAMEN

18 april 2015

II Tekstbegryp, taaleigen-, ynterferinsje- en oersetopdrachten (60 min.)

Faust yn Ljouwert

5 *Doktor Faust is in wûnderdokter, in tsjoender dy't we yn ferskate folksferhalen tsjinkomme. Hy wurdt benammen yn ferbân brocht mei duvelske keunsten. Yn ien fan dy ferhalen bringt Faust in besite oan Ljouwert.*

Bjusterbaarlike dingen binne der bard yn 'e goede stêd, doe't doktor Faust, de Satansfreon, op syn wrâldreis Ljouwert oandie. It trekkip fan Dokkum lei oan by it Noardlik Stedsein en hy stapte út. Klaaid yn in fluwielen mantel, de skonken yn hege kaplearzens en mei in degen dy't
10 rinkele fan it sulver gie er de stêd yn. Wat soe er hjir wol net útheve kinne?
Rinnendewei struts er de smelle wite hân oer it kin en betocht dat syn burd wol in skearmes brûke koe. Hy rûn fierder en gnyske gemien. Neigappe troch in pear ferhearde kuiers kaam er by de Amelânstrjitte, dêr't it optilde fan hannel en ambacht.
Doe't de Duvelskeunstner de strjitte yn seach, waard er it úthingboerd fan in barbier gewaar
15 – yn dy tiid noch burdsnijer neamd –, dat boppe ien fan de luifels hong. Hy stapte der fuortendaliks op ôf, wylst it gnyske op syn antlit noch kwea-aardiger waard. De barbier stie bûten en seach nei de brouwersfeinten dy't oan 'e oare kant fan de grêft fetten beetkrigen en de kelders yn rôlen, doe't Faust foar him stean bleau.
De bêste man die gau de doar fan syn skearwinkel iepen en liet de foarname klant mei in koarte
20 bûging deryn. Al gau siet dy foar in hege skoarstienmantel, dêr't in koperen tsjettel ûnder hong. De flammen lieken derfan ôf te spatten. De master slipe syn messen en in learjonge liet it sjipsop skomje. It koe heve. Faust hie syn plomhoed op 'e tafel lein. Fluch en feardich sette de master mei syn wurk útein. Nei in pear halen naam er efkes skoft en woe doe fierder gean, mar... hoe hie er it no? Doe't er de klant oanseach, wie it krekt oft dy in spotsk flikkerjend each delslöch.
25 Seach er it wol goed? It like wol as wie it burd wer oangroeid. Hy wie derôf. Mar hy soe him wol fersind hawwe. De barbier wie oars net sa gau fan 'e wize. Hy skerpe him op en wie der no dochs wis fan dat er it rjochterwang glêd skearde.

Ut: 'Faust yn Ljouwert' (oersetting Jetske Bilker en Jantsje Post) yn *de Moanne*, novimber 2014 (oanpast)

TEKSTBEGRYP

A. *Lês de tekst goed troch en beäntwurdzje de fragen yn it Frysk yn folsleine sinnen. Mei-inoar kinne 23 punten helle wurde.*

- Doktor Faust wurdt yn de tekst twa kear mei in oare namme oantsjut. Hokker nammen binne dat? (1 punt)
 - Wat sizze dy nammen oer de doktor? (2 punten)
- Hoe is doktor Faust nei Ljouwert ta reizge? (1 punt)
 - Wêr kaam er wei? (1 punt)
- Jou in beskriuwing fan hoe't doktor Faust derút seach. (3 punten)
- Doktor Faust wie net in gewoane ferskining yn Ljouwert. Jou mei twa wurden út de tekst oan wêr't dat út bliken docht. (2 punten)
- Mei hokker doel is Faust nei Ljouwert kommen? Ljochtsje jo antwurd ta. (2 punten)
- Yn de tekst stiet ek in oar wurd foar barbier. Hokker wurd is dat? (1 punt)

- b. Hoe wurdt in barbier hjoed-de-dei neamd? (1 punt)
7. Hat de barbier it drok mei syn wurk as Faust by syn skearwinkel oankomt? Antwurd taljochtsje. (2 punten)
8. Wie Faust wolkom yn de skearwinkel fan de barbier? Antwurd taljochtsje. (2 punten)
9. Neam twa eigenskippen dêr't de barbier mei karakterisearre wurdt yn de tekst. (2 punten)
10. a. Hoe komt it dat de barbier fan 'e wize rekke (r. 26)? (1 punt)
- b. De barbier tocht dat er him fersind hie. Wie dat ek sa? Antwurd taljochtsje. (2 punten)

TAALEIGEN

B. Jou mei eigen wurden de betsjutting of omskriuwing fan ûndersteande wurden út de tekst. Mei-inoar 20 punten.

- | | | |
|--------------------------|-----------------------------|---------------------------|
| 1. bjusterbaarlik (r. 7) | 5. optilde (r. 13) | 9. hy wie derôf (r. 25) |
| 2. oandie (r. 8) | 6. waard ... gewaar (r. 14) | 10. skerpe him op (r. 26) |
| 3. útheve (r. 10) | 7. antlit (r. 16) | |
| 4. gnyske (r. 12) | 8. skoft (r. 23) | |

*C. Meitsje de sin folslein mei ien fan de beide wurden tusken heakjes. Skriuw **allinne** it goede wurd op. Mei-inoar 20 punten.*

1. Nei in lang ein fytsen kamen wy (einliks, einlings) thús.
2. As Jelle en Maaïke moarn ek komme, dan kinne wy (mei-inoar, tegearre) moai nei de film ta.
3. Ynienen waard er (boas, lilik), gie oerein en rûn fuort.
4. Mei 65 jier kinst net mear samar (ophâlde, stopje) mei wurkjen.
5. Helje noch gau efkes wat griente yn de (supermerk, supermerke)!
6. Bisto ek sa bang (fan, foar) dy grutte hûn?
7. Dêr hie ik noch net earder op (sind, sinnige).
8. De nije (regels, rigels) fan de Fryske stavering binne lestich.
9. De bern sieten yn de (kring, rûnte) nei it ferhaal fan master te harkjen.
10. Sy koe de bal krekt (fange, heine).

D. Jou it meartal en it ferlytsingswurd fan ûndersteande haadwurden. Mei-inoar 20 punten.

- | | | | | |
|---------|-----------|------------|----------|-------------|
| 1. lân | 3. hoed | 5. man | 7. do | 9. ferslach |
| 2. kaam | 4. keamer | 6. artikel | 8. jonge | 10. priis |

OERSETOPDRACHT

E. Set de neikommende sinnen oer yn geef Frysk. Mei-inoar 15 punten.

1. Mijn moeder kan niet tegen het lawaai van het café aan de overkant van de weg.
2. In de lente lopen er veel schapen met lammetjes in het weiland van de bureu.
3. Men vraagt zich af of dat nieuwbouwplan nog doorgaat, maar ik denk van wel.
4. Volgens mij heb ik vanmorgen tijdens de wandeltocht mijn sleutels verloren.
5. Dat is een vraag waarop wij nog steeds geen antwoord hebben gekregen.

YNTERFERINSJES

F. Meitsje geef Frysk fan ûndersteande sinnen. Ien punt foar elke goede ferbettering.

1. Fanôf folgende wike ride de bussen wer fia Wommels nei Ljouwert.
2. It is net sa slim fan him om dy muoilike fragen foar it lêst te bewarjen.
3. Auke wist bijna net wat er moast sizze, toen er hearde dat er de priis wûn hie.
4. Namens it bestuer sei de foarsitter dat de resultaten fan de ynsammelaksje tsjinfallen wiene.
5. Op it ein fan de dei wie ik sa moe dat ik mar gau nei bêd gien bin.